

## Fardau, in fjirde-ieus famke?

Meinou Piebenga

Akky van der Veer, *Kunëra*. Boekewikegeskink 2000. Utjouwerij Bornmeer, Ljouwert 2000. 80 siden.

*Kunëara*, it boekewikegeskink 2000, skrean troch Akky van der Veer, is basearre op de leginde fan Cunera, de hillige dy't fereare wurdt as de faam fan Rhenen.

Se soe berne wêze yn York en gong nei Rome om te bidden foar fersprieding fan it geloof. Op de weromreis waarden sy en har alvetûzen reisgenoaten oerfallen troch de Hunnen. Cunera waard rêden troch Radboud van Rhenen, in heiden, *mar aardich*. Sy mocht yn syn kastiel wenje en waard syn fertrouwelinge. Radbouds frou, Alunda, waard oergeunstich en wurge Cunera mei har sjaal yn 454. Har grêf waard it doel fan pilgrimtochten. Troch it wurchdoek oan te reitsjen soenen blinen wer sjen kinne.

Dy ynformaasje helle ik út *Van Aller Heiligen tot Sint Juttemis* fan Inez van Eijk. Op de webside fan útjouwerij Bornmeer (home.wxs.nl/~bornmeer) lês ik dat de rêdende kening, dy't yn it boek de namme Heimo hat, yndie yn guon teksten Rabbodus of Radboud neamd wurdt en yn ferbân brocht mei de (of in) Fryske kening Redbad. It ûnfoarstelber grutte oantal fammen wie dêr ek sinjearre, mar waard as in fersin sjoen. It Romeinske getal XI soe ferkeard lêzen wêze, of de namme fan ien fan de fammen ferkeard begrepen: Undecimilla (de lytse alfde). Undecim milia is alvetûzen. Dat yn *Kunëara* wurdt praat fan alve meireizigers.

Oare ferskillen tusken boarnen en it boek (dat de Hunnen de oerfallers wêze soenen bygelyks) wurde ek hiel oannimlik ferklearre.

Dat Van der Veer har yngeand ynformearre hat,

blykt nammers net allinnich út dy side op it ynternet. Op de binnenflappen fan it omkaft binne ta de saak dwaande teksten ôfprinte oer histoaryske gegevens fan likernôch 270 oant 340 nei Kristus. Dat men soe tinke dat men jin al lêzende, yn de fjirde ieu waant. En dat is no krekt net sa. It boek ademet in eigentiidske sfear út.

Neffens my komt dat om't it boek eins net oer *Kunëara* giet. Har stoarje wurdt út de doeken dien troch Fardau (bynamme Pyk), dy't as folwoeksene weromsjocht op it traumatyske barren yn har jeugd. (It motto fan it boek is 'memini ergo sum': ik haw oantinkens, dus ik bestean.) Sy nimt ús mei nei de simmer fan *Kunëara*.

Fardau is de dochter fan de hofdame fan Heimo's frouwe Wivina. De mem-dochterrelaasje wurdt fersteurd troch Wivina, dy't alle oandacht fan har help-foar-dei-en-nacht opeasket. Fardau begrypt net dat har mem dat oer har kant gean lit. Mar de mem hat ûnthjitten altyd foar de frouwe klear te stean, oars hie se Fardau drekt nei de berte nei it moeras bringe moatten. Fardau krijt dat earst te hearren as se al trettjin jier is. Fan Reade Hild – neffens de minsken in tsjoenster –, dy't alle sykten fan de frouwe behannelet. Oer har seit Fardau: "Se wie net âld en net jong en se prate tsjin my as tsjin in folwoeksene, se neamde my noait Pyk." (s. 12)

It is Fardau dy't geandewei it ferhaal in ûntjouwing trochmakket. Sy moat ynsjen dat se blyn west hat yn har leafde foar hynstejonge Jesse, dat de ferhûddûke, seurderige Wivina



net samar sa wurden is, dat se faaks de dochter fan in ferkrachter is en dat har mem net oars koe as de frouwe te tsjinjen.

Fan Kuneara komme we allinnich mar wat te witten troch de petearen dy't se mei Fardau hâldt. It bliuwt in riedseleftich personaazje. Hoe is har relaasje mei hear Heimo no krekt? Wêrom mei Kuneara de gesinken út de skatkiste ompartsje en de frouwe –lykas wenst – net? Sliapt er mei har? Mei se dêrom ek de earmen iten en klean bringe? Of is er al ûnder de ban fan it kristendom?

Dat kristendom wurdt troch Kuneara mei arrogânsje ferkundige: “Wodan en Donar besteane net. En Freyer ek net. Der is mar ien god, de kristlike god: god de heit, god de soan en god de hillige geast.” (s. 25) Men soe har as net aardige heiden dêrom fermoardzje, mar sa is it net, se is wurge út oergeunst. Troch Wivina en Fardau har mem. De lêste is dêrnei nefens it neiskrift libben ferbaarnd en de frouwe is yn dwylsin ferûngelokke.

Dy leginde is wat my oanbelanget útgongspunt en gjin haadtema. Mar dat hâldt net in oare krytyk yn as dat de titel faaks wat misliedend is.

Fardau út de fjirde ieu is de haadpersoan. Fardau dy't tinkt en fielt as in puber fan hjoed

de dei. Sei de skriuwster by de presintaasje fan it geskink net foar de tillevyzje dat froulju yn santjinhûndert jier net safolle feroare binne? En dat is krekt de fraach dy't my hieltyd be- kroep ûnder it lêzen. Kin Fardau tinke dat Kuneara *tefolle in toanbyld fan kristlikens* (s. 56) is? Kin Kuneara sizze dat *alle mannen út binne op macht en geweld?* (s. 25) Kin Fardau har mem beskuldige fan *ûnderdienigens?* Is it sa dat se yn dy tiid echt koarren fan de pis fan de keninginne? Fansels kin nimmen dêr antwurd op jaan, mar it komt op my wat al te tweintichste-ieus oer.

Fan Fardau hâlde jo fan it earste momint ôf. Se is dapper, gevoelich en yntelligint. Se is sa't Van der Veer famkes fan dy leeftyd beskriuwt. Se is Femke út *Swart op wyt*, it masterwurkje fan de skriuwster. Dy hat ek geheimen oer har kom-ôf dy't yn de rin fan it ferhaal oplost wurde. Dy hat Beppestyn lykas Fardau Reade Hild hat. Froulju dy't hoeden en wiis mei har beskermelinkjes omgeane, sadat dy dochs noch lykwichtige persoanlikheden wurde kinne.

Dêrmei wol ik net sizze dat de skriuwster harsels werhelle hat. Mar wol dat se hiel sterk is yn dy tematyk en dat de leginde mar franje is.

